

# Omrop Fryslân

## Giet it wer oer de 21 meter?

FK Fierljeppen: sneon 13 augustus



Bart Helmholt, de grutte favoryt foar de titel yn de topklasse. Foto: Martin de Jong

It Frysk kampioenskip Fierljeppen yn Winsum is de lêste jierren útgroeid ta ien fan de tradisjonele eveneminten dêr't Omrop Fryslân wiidweidich oandacht oan jout. It ljeppen sit al jierren yn de lift, net yn it minst troch de yntroduksje fan de karbon pols. De ôfstannen dy't de ljeppers springe binne dêrtroch folle grutter wurden.

“De publike belangstelling foar it FK wurdt ek hieltyd grutter.”

Wie it yn in net al te lang ferline noch hast ûntinkber dat der oer de tweintich meter sprongen waard, no geane de toppers al oer de ienentweintich meter. In selde trend is te sjen by de froulju, de junioaren en de jonges. De publike belangstelling foar it FK

wurdt, mei no al mear as 2000 minsken, ek hieltyd grutter.

De measte belangstelling giet fansels út nei de topklassers mei klasbak Bart Helmholt. Hy pakte de titel de lêste trije jier en mei de wikseltrofee, de sulveren pols, no hâlde. Docht hy it foar in fjirde kear of komt der in ferrassing mei bygelyks Hannes Scherjon, Ysbrand Galama, Thewis Hobma of miskien sels feteraan Henk Schievink? Schievink kin de titel foar de fiifde kear yn syn ljepperslibben winne. En ek dan meie jo de wikseltrofee hâlde. It soe wat wêze yn syn lêste jier.

Omrop Fryslân stjoert de wedstriid op televyzje rjochtstreeks út fan 14:30 oant de ein, mei kommentatoaren Freark Wijma en Klaas Haanstra. Ek de radio is der fan it begjin oant de ein rjochtstreeks by mei flitsen yn it programma *Simmer yn Fryslân*.